

Beste Yo,

Ik wit net was't allegearre yn dat swangere kopke fan dy hellest, mar neffens my wurket dyn iene harsescel mar op 50%. Dat alles by dy begjint te groeien wat mei in "B" begjint kin my net safolle interesearje, ik mei der dochs net mear oankomme... Ik hie altyd heard, dat swangere froulju "mear sin" ha, amehoela.... Do bist noch kalder as in koelkast fan Siemens yn de utferkeap. Tsja, wat moat je dan as man...? Jo stoarte josels op de sport, de energy moat dochs ergens hinne, en dan rinne jo wolris tsjin in Beam oan.. In blessure oan de knibbel wie it gefolch, en dat is Wesley net went. Neist de blessure hie ik ek lest fan "writersblock", it koe my net safolle mear skele dat ferslachjes meitsje. Ik wit dat ik dermei minsken teloarstel, en dat meitsje ik it nije seizoen wol wer goed Yo. Ik ha my goed fermakke mei de mannen, ja Yo moatte dochs wat mei sa'n impotent keamerolifantsje op de bank thus oan de Bosporus. Ik ha de successen fan de Linke Leofielen wol fan tichby meimakke, op in orientierjend kontrakt besprekking yn Barcelona nei. Dit jier wie wer in jier fol fan utersten. In tredde plak yn de reserve earste klasse, mei sa'n soatsje ungeregeld, dat is waarlik in kampioenskip wurdich. Yn de neikompetysje waard sawat wer it unmoochlike moochlik makke tsjin Meppel. Dy bin mei de stront op de enkels wer nei hus rekke ha'k heard. Ja Yo, wat ik mei dizze mannen ha, der kinst do net oan tippe. In moai kopke is ek net alles, alhoewol der binne natuerlik dingen dy't ik leauwer mei dy doch dan mei de mannen fan ONT 2....

In moai seizoen eindigde yn mineur foar mysels, mar it wie moai om te sjen, dat der genoch oare mannen wienen dy't myn taken sunder problemen oernamen. Oan de kant is altyd lestich, dat is dochs oars. Dat is krekt itselde at ik de sliepkeamer binnen kom en doe mei "Tarzan" oan de gong bist... Dit wie in topjier foar ONT. It earste kampioen, A1 nei de haadklasse promovearre & it twadde yn de neikompetysje, en dan ferjit ik fansels noch alle oare kampioenen dy't de west binne.

It wie it jier fan de erfenis fan Dr. Dre, en dat hat us nije trener "Linke Leo" op in goeie manier ynfult. It binnen twa totaal ferskillende mannen, mei beide hun kwaliteiten, al ha we der by Dre wol lang nei sykje moatten.... Bier drinke koe er as de beste, mar op 't lest blykte der ek noch ferstan fan fútbal te hawwen. Leo hat leauwer Cola Beerenburg, krekt as my Yo, mar dat ha se yn Turkije net, en dy praat wat mear. It makket neat ut wa't er foar em hat, hy wit altyd wol in praatsje te meitsjen. As't him foar in groep sest en fregest as er in kertier lang oer it seksleven fan in Bakstien prate wol, dan "hoppa" en "klasse" gjit er op de praatstoel sitten en lult er in kertier fol.

Tsja Yo, foardat ik wer werom kom yn Turkije, wol ik noch efkes it seizoen evaluerje. Wat wienen de opfallende saken? Net dat Otto topscoorder is, want dat is elts jier it selde.. Dit jier ek wer in stuk of 15 yn de kompetysje. Ek net opfallend wie, dat Freddy wer in moai stik fan it jier blesseare wie. Hie der wol moai tiid foar oare saken, of net Fokje..? Ja Yo, do bist swanger, mar dat binne der mear, ek binnen it twadde. It is net allinnich in apart steltsje woartels, mar se kinne net allinnich op it fjild raak sjitte. Danny (foar de twadde kear), Pier, Nico en Freddy wurde heit, it liket wol in epidemie... Ik hoopje dat se thus net de sliepkeamer doar op slot sitten ha... Fierder wie us jongste telg, Woeste Willem, wol in opfallend mantsje. In kutebiter pur sang, krekt in ferfelende strontmich dy'st net kwyt rekkest. Hy hald noait op mei rinnen, ek al falt er hast ut mekoar. Hy soarchet der foar mei syn jonge leeftiid, dat de gemiddelde leeftiid net boppe de 30 jier komt fan dizze hapsnurkers.

Yo, we ha wer in machtig moai seizoen han mei de IJbemaatsjes, in leger oan vd Veldes (somtiden 4), Taeke le coq, Riemo, Dam, Fredson gehaktbal en de rest fan dit rare soatsje ungeregeld. Ik tink dat ik de koffers moarn pakken gean en dochs mar wer richting dy Yo. Do bist net te prumen, maar we binne yn "voor en tegenspoed" trout, dus ik kom deroan.

Ik bin wol wer foar 95% hersteld fan de blessure, dus ik flean noch wol ien kear werom nei de Pein foar in fútfolley toernooi mei Rocking Riemo, mar dan is de simmer foar dy Yo.

Op myn manier sil ik wol wer fan dy halden gean, mar do moast net sa seure oer dat gepraat fan Linke Leo, dat docht syn frou dochs ek net? En dy moat eltse dei mei him lefe.. Ik ha heard dat se sa no en don fleiskleuriche eardopkes yndocht, dan praat Leo wol mar hat er net yn de gaten dat se net lustert. Ik sil har ris freechje wer't dy dingen te keap binne, want miskien kin ik dy ek noch wolris bruke...

Yo en feste lesers, nochmaals myn ekskuses foar it untbrekken fan de ferslachen de leste tiid. Ik sil proberaje myn lefen te betterjen, mar ik doch it no al sa lang dat it soms wolris wat moeilijk wurd om iets te betinken (ik bin ek gjin 43 mear..).

Earst simmer, en oant oar seizoen, dan ha we fest wer nije ynspiraasje, en binne we hooplik wer fit genoch om yn dit kodelrieke sirkus mei te draaien, want ik ha it wol mist.

We binne we bjusterbaarlik moai fourt west dit seizoen, noflike simmer allegearre!

Wesley